



# Us geheim

© Geertruida van Assen

Ik haw it nooit witten, mar sûnt juster wit ik it al. Ik mei it tsjin gjin ien fertelle, it is ús geheim. Fan mem en my. Neam my mar Klaske, sa hyt ik net, mar oars witst fan wa't it geheim is.

Justermiddei hiene wy frij fan skoalle, it wie tiisdei, ferline wike hie ik al in briefke meikrige, mar dat wiene wy fansels al lang fergetten. Ik gie gewoan nei skoalle ta. Mem wie thús. Doe't ik it lege plein seach kaam my it briefke wer yn 't sin. Hurd nei hûs, foar't ien seach hoe stom at ik wie. Wa ferjit no in frije middei?

De doar wie los, mar mem wie der net. Ik draafde troch de keuken, nei boppen; wer nei ûnderen; yn 'e keamer; yn 'e tún, mar sy wie der net. Ik kaam wer yn 'e keuken en doe seach ik it. Der wie gjin ien, mar it ôfwasktobke rûn fol wetter, de hite kraan wie oan, de boel streamde hast oer, ik soe de kraan tichtdraaie, mar it hoegde net, it gie fansels. De kopkes hobbelen ien foar ien nei de râne fan it tobke. Bleaune in setsje stean, en mei in lyts bôgje sprongen hja yn it hite wetter. De ôfwaskboarstel kaam oerein en sweefde sa troch de loft nei it tobke. De kopkes boarten yn it hite wetter om en de ôfwaskboarstel fage har om 'e snút. Doe't de kopkes skjûn wiene, stiene de boarden al by de râne. It gie krektlyk as mei de kopkes.

Ik fage my wat yn 'e eagen om, miskien wie ik wol siik. Yn alle gefallen seach ik dingen dy't net koene en mem wie der net iens. De grutte fetpanne siet no al yn it wetter. In teedoek bemuoide him der ek al mei, de boarden stiene kreas yn 'e rige om ôfdroege te wurden. Ik seach de kopkes net mear, wêr wiene dy dingen bedarre? Doe hearde ik de kast iepengean, achter my. Ik draaide my om en seach dat de kopkes by my lâns kaam wiene, hja hipten allegear yn 'e kast.

En as dat allegear noch net frjemd genôch wie, giene de keldersdoar en it lûk ek noch iepen. Ik wist net wêr't ik sjen moast, nei it ôfwaskjen dat fansels gie of nei dat iepene lûk. Soe mem ...? Wêr wie mem eins? Ik hie net yn 'e kelder sjoen.

Der kaam wat út 'e kelder wei. Op 'e kop in hiel grien bosk, mar it wie mem net. It wiene de woartels, ik hie se fanewike sels noch helle by de supermerk, mei mem. De fetpanne wie no ek skjûn, hy wie al ûnderweis nei de kast. De teedoek droege it tobke ôf, ûnsin eins want doe't er droech wie gie de kraan wer oan.

In ierappelmeske kaam út it iepene laad. It fleach op de woartels ta. Ien fan de woartels ferskûle him achter it tobke, mar it meske seach alles. It ding wurke ôfgrysluk hurd, want samar leine de woartels skrabbe en yn stikjes snijd yn it tobke wetter. De griene prûk waard ôffierd nei de ôffalbak. Even wie ik bang dat it meske op my ôfkomme soe, want it draaide nei my ta. Mar de ierappels rôlen by my lâns. De keldersdoar siet wer ticht, it lûk fêst ek. De

brune jaskes fan de ierappels leine al gau ek yn de ôffalbak. Ik moast mem sykje, want it meske wie klear.

Ik krige it dochs wol benaud, dat ik begûn te roppen: "Mem!" "Klaske!" hearde ik in ferskrikte stim boppe my sizzen. "Ik wist net datst al thús wiest. Hast dochs neat sjoen wol?" Ik seach omheech. Mem hong oan it plafond, of eins sis ik dat ferkeard, hja sweefde mear, flak by it plafond. Hja kaam stadichoan nei ûnderen ta en gie neist my stean. "Do hast wol wat sjoen," sei se sêft, "hast alles sjoen?" Ik knikte, "Ik haw it ôfwaskjen sjoen en it woartelskrabjen en it ierappelskilen."

"Ik kin it al hiel lang, letter sil ik it dy ek leare, mar no noch net. Klaske do meist dit oan gjin ien fertelle. Net ien mei it witte. Watst no sjoen hast is ús geheim. It geheim fan in mem en har famke."